

DOARPSNIJS

Nûmer 506

maaie 2026

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Hurddraversdyk 95	De Jouwer korrespondint om útiens 06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlansdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wisebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830
Joop de Vries	Lyklamawei 15	0645747202
Henk Bokma	Omrin 11	0610054393

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl
Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, [0620548535](tel:0620548535) of
www.defryskemarren.nl/melding

TROOST-PLUKTUIN

Op het grasveld naast de toren zijn we gestart met de aanleg van een kleine pluktuin.

Deze pluktuin is bedoeld voor iedereen die bloemen wil leggen op het graf van hun geliefde en/of op de graven van de geallieerde soldaten.

Het zaaibed is klaar. De eerste bloemen zijn geplant. Dit eerste jaar beperken we ons tot de aanplant van dahlia's.

Deze bloeien de hele zomer, zodat er altijd een boeketje te plukken valt.

Rianne Witteveen gaat een paar bordjes maken.

Garant Zaden sponsort met een grote hoeveelheid dahliaknollen.

Nu zoeken we nog vrijwilligers die willen helpen met het verzorgen van de planten.

Voel je hier iets voor? Meld je dan aan bij een van de bestuursleden van dorpsbelang of bij de buurttuin.

De buurttuinders

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdag van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks. tel. 0514-571428

Vrijdag 29 mei

Vrijdag 25 juni



KENINGSFEEST '26

Alweer de vierde editie van het Keningsfeest en wat was het weer geslaagd! Zoveel enthousiaste reacties en iedereen liep rond met een grote glimlach. Zo leuk om te zien dat het Keningsfeest uitnodigend is voor alle leeftijden.

Dit jaar hadden we als extraatje een klimwand en jeetje daar is zoveel gebruik van gemaakt. Echt fantastisch om te zien. Veel kinderen liepen rond met een creatie van de ballonnen artiest, een schot in de roos volgens ons.

Als organisatie zijn wij heel blij en trots om te zien hoe het Keningsfeest leeft in Nijemirdum. Organiseren dat gaat ons goed af maar het gehele feest is natuurlijk mogelijk gemaakt door veel meer. Vrijwilligers die helpen met opbouwen en opruimen, lokale bedrijven die een bijdrage hebben gedaan, het postcode loterij buurtfonds en natuurlijk nog bijdragen van dorpsbewoners. Dit jaar kregen we nog een extra bijdrage van de ploeg die met oud en nieuw het feest bij het schelpenpad organiseren.

Iedereen die mee heeft geholpen op wat voor manier dan ook, DANKJEWEL!..

Op naar de 5de editie..!

Groetjes Team It Keningsfeest

*Jantine
Geeske
Marijke*



DORPS-BBQ & EIERGOOIEN – 27 JUNI



Op 27 juni organiseert de feestcommissie weer de tweejaarlijkse dorps-BBQ bij het dorpshuis. Een gezellig moment om samen te komen, bij te praten en natuurlijk te genieten van lekker eten van de grill.

Dit jaar maken we er iets extra's van, want naast de BBQ organiseren we ook een eiergooicompetitie! Doe mee in duo's en strijd voor de winst. De punten die jullie verdienen, tellen mee als buurtpunten voor het dorpsfeest van 2027.


Daarnaast is er live muziek en hebben we dit jaar de hulp van een echte BBQ-meester ingeschakeld om er een smakelijk feest van te maken (maar zelf grillen mag natuurlijk ook gewoon!).

Meedoen met eiergooien?

Schrijf je in als duo en vermeld beide namen en de buurt waarvoor jullie spelen.

Scan de QR-code op de poster om je in te schrijven voor de BBQ en/ of de Eiergooicompetitie. Of mail je opgave naar fcn1948@gmail.com

We hopen jullie allemaal te zien op 27 juni!



EIERGOOI COMPETITIE!

27 JUNI - AANVANG 15:00 BIJ HET DORPSHUIS

Twee Competities: ONDER DE 12 & 12+

Verdien Buurtpunten!

**Maak een team van twee en doe mee!
Hoe meer teams per buurt, hoe meer kans!**

SPELUITLEG!

**Gooi een ei over en
stap 25 cm achteruit!**

Wie het verst komt, wint!

**TIP: Oefen thuis
met een gekookt ei!**



WA BIN IK?

Oei, wat in lestich riedsel !

Dizze kear is it myn eigen Jan Akkerman en dat sit sa: in akkerman is handich mei de skoffel en Jan Akkerman is in ferneamde gitarist út de jierren 70.

No fluitet myn Jan wolris in riedeltsje, mar mear sit der net yn, dus oer de gitaar sille wy it mar net ha, dêrom: “ik bin handiger mei de skoffel as mei de gitaar”

Otze Folkertsma is diskear de gelokkige winner. Otze skeakelt wol gauris de helptroepen yn, mar diskear kaam hy al skoffeljend sels op it idee! Knap dien Otze !

Dan no it nije riedsel en ik sil jim fertelle it is wer in pittich eksimplaar, mar wol in hiel moaie, ynlevere troch immen wêrfan ik de namme noch net ferklap, want dan witte jimme it riedsel ek. Dus oare kear meer!

**“Ik bin handiger
mei de skoffel
as mei de gitaar”**

**“Op in genedich
persoan kin
feilich
bret wurde”.**

Belje de oplossing nei nr.571889

Of stjoer in mail nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

VOETBAL

Zaterdag 20 juni is het dorps huis geopend om voetbal te kijken op een groot scherm. Het dorps huis is geopend vanaf 18.00 dus eventueel even snacken tijdens de voorbeschouwing is mogelijk. De wedstrijd Nederland- Zweden begint om 19.00.

De Lokaalvereniging



HOEKSTIEN

7 juni 10.30 uur Fjoerdienst: Proef de bijbel m.m.v.koperkwintet

17 juni 10.00 uur Koffiedrinken

28 juni 10.00 uur Overstapdienst pastor W. Bandstra.



STICHTING NIJE GAAST START KINDEROPVANG IN NIJEMIRDUM

Nijemirdum – Kinderopvang Nije Gaast opent op 17 augustus 2026 een nieuwe locatie bij basisschool De Ferbining. Op deze locatie zal Nije Gaast peuteropvang aanbieden. Daarmee ontstaat een plek waar kinderen van 2 tot 13 jaar kunnen opgroeien binnen één vertrouwde omgeving, waarin opvang en onderwijs nauw samenwerken.

De nieuwe locatie sluit aan bij de visie van Nije Gaast waarin kinderen zich het best ontwikkelen wanneer opvang, onderwijs en ouders samen optrekken vanuit één gezamenlijke pedagogische basis. Door de samenwerking tussen pedagogisch professionals en onderwijsprofessionals ontstaan korte lijnen, vertrouwde gezichten en meer continuïteit gedurende de dag.

De opvang van Nije Gaast is meer dan alleen peuteropvang. Kinderen krijgen ruimte om spelenderwijs te groeien, talenten te ontdekken, samen te werken, te bewegen en zich op hun eigen manier verder te ontwikkelen. Tegelijkertijd kunnen professionals beter inspelen op wat een kind nodig heeft in zijn of haar ontwikkeling.

Ook voor ouders biedt deze samenwerking meerwaarde. Nije Gaast vindt het belangrijk om samen met ouders op te trekken en in goed contact te blijven over de ontwikkeling van kinderen.

Om ouders en inwoners kennis te laten maken met de plannen organiseert Nije Gaast op 21 mei om 19.30 uur een ouderavond bij De Ferbining. Tijdens deze avond worden de plannen toegelicht en is er ruimte om vragen te stellen, ideeën te delen en mee te denken. Iedereen uit Nijemirdum en omgeving is van harte welkom.

Ouders die interesse hebben, kunnen hun kind aanmelden via:

<https://nijegaast.nl/kinderopvang/aanmelden>

Voor vragen kan je contact opnemen via de mail kinderopvang@nijegaast.nl

Met deze nieuwe locatie bouwt Nije Gaast verder aan een sterke doorgaande ontwikkellijn voor kinderen in Nijemirdum, waarin opvang, onderwijs en ouders samen werken aan een stevige basis voor de toekomst.

DAG DORPSGENOTEN

Als dit dorpsnieuws bij jullie in de brievenbus valt, ben ik inmiddels vier dagen onderweg met mijn longrevalidatie in Davos, Zwitserland, bij het Nederlands Astmacentrum Davos.

Tijdens mijn opname wil ik graag een verslag schrijven voor in het dorpsnieuws. Ik krijg namelijk regelmatig vragen over mijn ernstige astma en hoe dat er in het dagelijks leven uitziet. Ook over de reis naar Zwitserland “voor de longen” en wat zo’n opname hier nu eigenlijk betekent. Omdat astma niet aan de buitenkant te zien is, lijkt het mij waardevol om daar wat meer over te delen.



Nu dacht ik aan een combinatie: een kaartje sturen met vragen uit het dorp. Post ontvangen hier op ongeveer 1700 meter hoogte is namelijk best bijzonder en het zijn opkikkertjes tijdens het verblijf. Dus heb je een vraag, zet die op een kaart en stuur die naar onderstaand adres. Dan neem ik je vraag mee in mijn verhaal, en kun je het antwoord later teruglezen in het dorpsnieuws.

Adres:
Nederlands Astmacentrum Davos
t.a.v. Rianne Witteveen
Klinikstrasse 6
7272 Davos Clavadel
Zwitserland

Mijn opname duurt tot 20 juli.

Mei freonlike groetnis,

Rianne

IT HIMD FAN IT GAT

Hielwat jierren lyn mocht ik oanskowe by de redaksje fan it Doarpsnijs en ik moast daliks op 'n paad om in petear te hâlden mei ien fan ús doarpsgenoaten. Ik ha in map fol mei oantinkens fan al dy kearen dat ik by harren wolkom wie. Ut en troch lês ik nochris sa'n ferhaal oer de minne en moaie tiden dy't guon yn har libben meimakke ha.

Ien fan harren wie Griet fan Bertus Altena, dy't earder op Nij Amerika wenne hat. Ik besocht har doe't sy nei Balk ferhuze wie en dêr sa op 't skik wie. It âlde pleatske is ôfbrutsen en dochter Klaske wennet der no alwer jierren mei Jelle Siemonsma fan Balk. Sy binne troud en ha trije bern krigen. Susanna, Lambertus en Andries.



Klaske hat jierren lyn, doe't wy yn 'e lytse bern sieten, by ús yn 'e húshâlding staa'je rûn foar har skoaloplieding. It liket my moai ta om wer in kear mei har by te praten en dat mei en gelokkich noeget sy my fan herte út om oan te kommen op Nij Amerika 16. As ik it hiem op fyts bewûnderje ik it prachtige stee. Wat in moai hiem en in komfortabel hûs. In grut ferskil mei it eardere pleatske fan Bertus en Griet! Ien kear oan 'e iterstafel krije wy daliks kofje fan Jelle en wat lekkers derby en dan... prate, prate en nochris byprate.

Ik fertel oer it petear dat ik ienris mei har mem holden ha en de moaie middei dy't ik doe belibbe ha. Dat wie harren net bekend. "Annie moat dat mar efkes foarlêze."... Dan rekket Klaske net útpraten oer alles wat sy thús meimakke ha. Tal fan minsken kamen by harren oer de flier. De hertlikens en leafde fan har mem hie gjin grins. De doar styng wier foar elkenien iepen. Mar ek oer it hurde wurkjen fan har heit fan moarns ier oant jûns let. Klaske moast him faak helpe op de buorkerij. Der wie altyd in soad te dwaan. "Fan prakkesaasjes kin men siik wurde, mar net fan hurd wurkjen" wie Bertus syn devys."

“Heit is net sa âld wurden en daliks nei him stoar syn broer Berend. Dat wie in drege tiid foar mem en doe’t in pyromaan by har achter hûs in hok yn ‘e brân stiek, doarde Griet net mear thús te bliuwen. Sy hat in skoftke by ús yn Balk

wenne. Al gau waard har in hûs oan it Wiebren van der Heideplein tawezen en mem hat dêr noch tige moaie jierren belibbe. Jelle en ik ha it âlde hûs kocht en dêr wat nijs bouwe litten.”

De tiid hâldt gjin skoft en it twadde

bakje kofje is al op as ik myn pinne en papier mei de fragen út de tas helje...

Klaske, wannear en wêr bisto berne?

Op 15 juny 1967 yn Snits.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de basisskoalle yn Sondel gyng ik nei “de Húshâldskoalle” sa’t dat doe hjitte, yn Balk. Dêrnei ha ik in oplieding folge yn Emmeloord: it Kort Middelbaar Beroeps Onderwijs.

Wat woest as bern graach wurde?

Kraamverzorgster. (Baakster)

Watfoar wurk dochsto?

Ik wurkje by de bejaardensoarch yn Talmahiem yn Balk en bin “stand by” yn de saak fan ús Andries yn Harich. Hy hannelt yn robotmeanders. Dêr is ek in kantine by en de boel moat goed ûnderhouden wurde fansels.

Do fersoargest minsken oan ‘e ein fan it libben, wylst graach by it begjin fan in minskelibben stean woest?

Doe’t ik dy oplieding folge soe, waard my ferteld dat der net folle wurk yn ‘e kremasoarch wie, sadwaande bin ik doe nei de oplieding bejaardensoarch gien.

Hast ek oare funksjes yn it doarp?

Op dit momint net, mar ik sit wol yn it bestjoer fan de R.K.begraffenisferieniging fan Balk. Wy ha dêr earder wenne en wienen ferbûn mei de R.K. Tsjerke.



Wêr wenje jimme bern?

Us Susanna wennet yn Ljouwert, Lambertus yn Vledder en Andries wennet noch thús.

Hast hobby's?

Klaske tinkt djip nei.. no nee, ik soe it net witte... myn wurk is einliks myn hobby. Ik wurkje altyd nachts en ha hiel goede kontakten mei ús kliïnten. Ik genietsje derfan.

Praatsto altyd Frysk?

Ja!

Hâldsto fan muzyk?

Wy binne wol fans fan De Eagles en Fleetwood Mac. En de Stones.

Wy ha ek nei it muzykteater oer Tsjerkje "Op 'e Kliew" mei Klaasje Postma yn 'e haadrol west en besykje ek wol konserten fan bekende artysten.

Hast nocht oan lêzen?

Jawis, mar meastal net te lang oanien. Ik lês romans, mar de ferhalen moatte wier bard wêze.. Klaske siket efkes en komt dan oansetten mei it boek "De 13 fan Obbe Sjutsje" It spilet yn it begjin fan de foarige iuw en giet oer de sykte dy't in grut part treft fan de húshâlding fan in boer dy't op in âld spultsje by Hieslum wenne : "frjemd yn 'e holle"...skizofreny soene wy it no neame. Klaske wol noch ris besjen, wêr't dat him ôfspile hat.

Wat fynst fan it Doarpsnijs?

Prachtich! Wy lêze it altyd en besykje ek om de oplossing fan it riedsel fan Jantsje "Wa bin ik" te finen.

Sjogge jimme TV?

Hast net. Men wurdt net sa bliid fan al dy praatprogramma's, soms mei de politike partijen oer de sitewaasje yn 'e wrâld en ik kin net lang stil sitte te lústerjen. Wy spulje jûns wol gauris. Der moat wat aksje wêze, fyn ik. As der ferkiezings binne, bringe wy wol ús stim út.



Geane jimme mei fakânsje?

Jelle hat wolris mei syn dochter nei Itaalje west en mei syn soan op wintersport, mar Klaske is hast net fuort te brânen.. heechút ris in wykein mei neef Sietse en Anita Faber der opút.

Ha jimme it thúswurk ferdiel?

Omdat ik altyd nachts wurkje, moat ik oerdei sliepe en dat slagget goed. Wy dogge hast alles tegearre, sa as de tún, it skjín hâlden fan alles en it itensieden, mar Jelle moat altyd de jirpels skile!

Hoe sjochsto nei de takomst?

Wy hoopje hjir , op dit stikje grûn, dêr't earder myn âlden en foarâlden altyd wenne ha, âld te wurden. It is hillige grûn!

Hasto winsken?

Wy ha it hjir sa nei it sin, binne gelokkich sûn en ha goed kontakt mei ús bern en mei de buorlju. Wat moat ik noch mear winskje?

Klaske striedet. Sy hat dúdlik gjin ferlet fan grutte reizen nei in fier lân ofsa.

Wy ha in droege mûle krigen en nei wat fris sykje ik myn tas en myn jas. Bûten is it droech, mar wol roettsjuster. Klaske docht gjin lichterich... sy wol my in eintsje fuort bringe.

“Ja Annie, Klaske wit krekt hoe't sy mei âlde minsken omgean moat... leaf hear!”

As wy hast yn 'e buorren op 'e Lyklamawei binne, nimme wy ôfskied.

Dach Klaske, bedankt foar de tige, tige gesellige jûn.

Annie

World Servants

Gaasterland




Op naar Zambia!



RAMENWASSEN-ACTIE!

In de tweede helft van juni!

- ✓ Oudemirdum
- ✓ Nijemirdum
- ✓ Sondel


Houd de brievenbus in de gaten! 

Binnenkort meer info in jouw brievenbus!

Samen bouwen aan verandering!



HOERA



**it is slagge:
myn eksamens binne
foarby!**

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Tanja Adriani	What's the Metta mindfulness en coaching
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe en Harm Willem Hielkema	Hielkemabouw
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Waar:

t.b.v.:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

KNGF
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes

Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen/
deksels/spuitbussen


Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl

Inleveren van postzegels/
Ansichtkaarten/
geboortekaartjes
en oude munten

fam. J. Veldman,
Nij Amerika 8 en
fam. Y. Wiersma,
Omrin 1

Kerk in Actie



AGINDA

29 maaie	Snackjûn yn doarpshûs
20 juny	Nei it fuotbaljen sjen yn it doarpshûs fanôf 18.00 oere
27 juny	DoarpsBBQ + aksjes 15.00 oere
25 septimber	Der is wer in snackjûn
26 septimber	Playbackshow
31 oktober	Pompoenwedstrijd met pompoen snijden

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 25 juny

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 15 juny

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Yn july ferskynt der gjin doarpskrantsje!